

Skriuwer Durk van der Ploeg (70) op kulturele jûn 'Bêste boek moat noch skreaun'

EIZE DE BOER

De Gordyk - „Ik fiel my ûnwenich as ik neat te dwaan haw. As ik net skriuw, fiel ik my net sûn.” Dat sei Durk van der Ploeg juster op in kulturele jûn fan Stichting It Fryske Boek yn 'e bibleteek op De Gordyk. De produktive skriuwer út Feanwâlden, dy't oer syn wurk fertelde en dêr út foarlies, fierde juster syn santichste jierdei.

De kulturele jûn yn it ramt fan 'e Sutelaksje waard presintearre troch skriuwer Meindert Bylsma. De Fryske trûbadoer Adri de Boer fersoarge de goed beharke muzikale yntermezzo's. De jûn wie ornearre foar boekesutelders út Waskemar, Boarnburgum, De Wylgen, Lippenhuzen, Jobbegea en De Gordyk en foar fierdere belangstellenden. Meiinoar sieten der sa'n tritich minsken yn 'e seal. De froulju wiene sterk yn 'e mearderheid. „Us kultuer wurdt troch froulju droegen”, konkludearre de presintator.

Janny Bottema fan Stichting It Fryske Boek die in boekje iepen oer de nijste útjeften en joech de sutelers alfêst wat tips. Wizend op it nijste nûmer fan it blêd *Boekenijis* sei se: „Yn 't foar kinne jim dêr aardich wat ynformaasje út helje.”

Meindert Bylsma hie in stikmannich koarte fraachpetearkes mei Durk van der Ploeg. De yn 1930 yn it Hollânske Hoogkarspel berne skriuwer ferhuze op syn tredde nei Ealsum by Dokkum. Syn jeugd yn 'e Dongeradielen hat bepalend west foar syn fierdere libben en foar de boeken dy't er skriuwe soe. De fiergesichten yn Ealsum smieten foar de skriuwer nei eigen sizzen „in magazyn fol mei iensumheid” op.

Ut 'e petearen mei presintator Bylsma kaam dúdlik nei foaren dat Van der Ploeg altyd in ûnbidich soad research docht foar it skriuwen fan syn boeken. Nei syn debút yn boekfoarm, de dichtbondel *Lok op eachlingte* (1958), binne der noch sa'n tweintich Fryske boeken fan him ferskynd. Utskreaun is Van der Ploeg noch lang net. „Der is noch safolle om op papier te setten. De ferhalen wurde my gewoan optwongen.” De ferklearring foar syn grutte produktiviteit is neffens Van der Ploeg hiel simpel. „As it iene boek klear is, begjin ik mei it oare. Dat sei Simon Vestijk ek altyd. Mar dy man koe folle hurder skriuwe as dat ik it kin.”


„Dat moat noch skreaun wurde”, antwurde Van der Ploeg op 'e fraach wat er syn bêste boek fynt.

„Mar foaral *It lekken oer de spegel* en *It wrede foarjier* sprekke my tige oan, want yn dy boeken sit in hiel soad fan mysels.”

Durk van der Ploeg lies juster in oantal fragminten foar út syn yn febrewaarje 2000 ferskynde roman *It wurk fan 'e duvel*. Dat is in boek fan 360 siden, dat spilet yn 'e njoggentjinde ieu yn 'e kontreien fan Kûkherne en Twizelerheide.

De skriuwer offere graach in part fan syn jierdejûn op foar it leverjen fan in bydrage op De Gordyk. „Je sitte oars altyd mar achter dy tekstferwurker. Op dizze manier kinne je ek ris wat oer je wurk fertelle en je hawwe direkt kontakt mei je lêzers. Ik haw hjir wol nocht oan.”

De jûn fleach om: Doe't it tiid waard om ôf te sluten, frege Meindert Bylsma, mei in skean each op it horloazje: „Noch ten lyts stikje Durk?” Dêr gie de jierdeifierende skriuwer graach op yn. „Mar it probleem fan dit boek is, dat der gjin koarte stikjes yn steane”, warskôge er. Dat de kulturele jûn op 'e Gordyk duorre justjes langer as de bedoeling west hie. Mar it publyk hie mei sân pear earen harke. Ien fan 'e reaksjes nei ôfrin: „Hy kin it hiel moai foarlêze. Sa natuerlik, dat hearre je komselden.”



Het publiek bekijkt een van de boeken van schrijver Durk van der Ploeg (rechts).

Foto: Harry Blokzijl